

Op it plaatsje sjogge wy Meindert Sierksma (1891-1968) en Anna Wielenga, dochter fan smid Douwe K. Wielenga út Ferwert. Meindert wie fanôf 1920 mûnder op 'e Lichtaarder mûne, dêr wer't Jan P. Sierksma wennet. "Famylje?", freegje jo; jaseker, pake Oane wie wer in broer fan Meindert. No en dizze Meindert en syn frou Anna hienen twa bern: Douwe en Fokke. Wy skriuwe de krisisjierren en Meindert nimt de smidderij fan syn skoanheit yn Ferwert oer. De mûne wurdt yn 1934 ôfbrutsen en ferfongen troch in nij poldergemaal.



*De Lichtaarder mûne mei de Sierksma's. Underoan sjogge jo noch krekt it kopke fan lytse Douwe.*

De krisis fan 'e tritiger jierren wurdt folge troch de oarloch fan 40-45. It tafal wol dat jongste soan Fokke (1923) dan krekt "yn'e gefaarlike leeftiid sit". Yn 't begjin falt it allegearre noch wol in bytsje ta, mar de besetter leit de tommeskroeven stadichwei mear oan. Fokke, in hynsteman yn ieren en sinen, is oan 't wurk by boer Klaas Meekma. Dy wenne yn dy tiid tsjinoer it tankstasjon; no wennet feedokter Huub Fuchs der mei syn Frederike. En sa as sa faak binne hy en Jelke v.d.Heide ûnderweis nei de boer ta. Se wurde oanhâlden troch fjouwer Dútsers. En omdat se hun persoansbewizen net by harren ha moatte se mei nei it gemeentehûs ta. Jelke wit him te smearen en dêr ha al in moai protte Ferwerters wille om fansels. En op dyselde dei fan 28 novimber '43 geane heit en mem ûnder it each fan heal Ferwert nei de boargemaster ta. Mei in brok yn 'e kiel docht heit Meindert syn ferhaal. Mem Anna, dy't wy soene no sizze senuwpassjint is, kin it net mear foarelkoar hâlde en ta skrik fan alles wat boargemaster en militêr is, falt hja der

hinne. En meskien is dat op dat moment wol de rêding west fan har Fokke, want se krije him mei nei hûs ta! Meindert moast wol tasizze, dat Fokke him foar de Arbeitseinsatz oanmelde moast! Wat in ferromming! Rekkenje mar, dat mem earst wol even yn'e stoel sitte moest en heit Meindert de foarhammer de earste oeren net sa fêst yn 'e hân hie!

It libben giet wer fierder, smid Sierksma slipet de ploegen en beslacht de hynders en mem draait de húshâlding. Fokke dûkt ûnder, mar nei ferrin fan tiid begjint er him te ferfelen; Fokke, 19 jier, is ûnwennich fan hûs en hiem, mar it measte noch fan "syn" hynders en sa njonkenlytsen is eltsenien der mei op 'e hichte dat Fokke wer by Klaas Meekma oan 't wurk is. Sa is it op in dei krekt teetiid west. Dat Fokke, sa as wol faker, de beide hynders efter út it stik lân helle. (der is no it benzinstasjon). It is augustus; hy sil wol eidzje moatten ha. Hawar, hy rint mei de beide hynders nei de daam ta en sjocht der twa Dútsers stean mei in herdershûn. Fokke moat nei de daam ta; hy kin gjin kant mear út. Se bine him oan 'e hûn fêst en sa giet it troch Ferwert hinne nei Marrum ta. Yn 'e grifformearde pastorije sit it haadkertier fan de Dútsers. Heit en mem moatte no foar de twadde kear foar Fokke pleitsje. Mar der is gjin hâlden oan. Dy earne Anna wurdt wreed fuorttreun en heit

springt tuskenbeiden, mar niks helpt no noch! Se kinne ôfskie nimme en fierder net! Fokke wurdt nei Ljouwert ta brocht en Meindert en boer Meekma binne der op 'e fyts noch hinne west. Noch even is der gelegenheid foar in pear lêste wurden. Mei in brutsen hert giet er nei hûs ta!

Fokke wurdt op transport steld nei Amersfoart, in namme dy't hiel wat seit. Yn 'e trein derhinne sjocht er noch kâns in lyts briefke te skriuwen oan alles wat er sa leaf hat!

Fanút Amersfoart wurdt it úteinlik Neuengamme by Hamburg, wer't Fokke ûnder ûnminslike omstannichheden djippe grippels, slúven grave moat. Yn desimber 1944 komt der in ein oan syn jonge libben.



*Fokke Sierksma as jonge yn 'e skoalbank.*

“Op 17 july wie omke Meint altyd jierdei en jo koene him dan net blider meitsje as mei in bakje nije ierappels. Mei in hiel lyts bytsje tefreden, sok soarte minsken wienen se”, fertelt Jan Sierksma.” Mar nei it drôve berjocht oer Fokke wie de fleur der ôf”. Ienfâldige hardwurkjende minsken mei in grut fertriet, dy't er ek al net mear binne, mar dy't wy yn 'e Peaskemoanne even betinke meie.

De namme fan Fokke Sierksma libbet troch op it monument op it Vrijhof te Ferwert. Op datselde monument kinne jo de namme fan Johannes Wassenaar ek lêze. Hy wenne yn Lichtaart en foun syn rêstplak ek yn Neuengamme. Yn maaie mear hjiroer.

Mei tank oan Jan en Froukje Sierksma te Oentsjerk en fam. Lieuwe Meekma te Ferwert.

